



# Dit is de dei...

## Sara en Simon folgje Jezus

*troch Foekje-Fleur Fink*

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. Se folgje Jezus op syn reizen troch Palestina en op de besites dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan heit, harren grutte broer Daniël en oaren oer Jezus. Hjoed vertelt heit oer de sabbat. Doe’t God de wrâld skepen hie, hold Er rêst op de sânde dei. Dat is altyd in wichtige dei bleaun. Oer dy dei giet it yn dit ferhaal.

### Op in sabbat

Lukas 6,1-11

Se sieten mei har fjouweren ûnder de beam by in fjurke: heit, mem, Sara en Simon. It waard al tsjuster. Dan begjint de sabbat en wurde der altyd lekkere dingen iten.

“Wêrom is de sabbat eins oars as oare dagen?”, frege Sara.

“Dat is in goeie fraach, Sara”, antwurde mem, “wat tinksto sels?”

Sara moast efkes neitinke... Se lake en sei: “Omdat we dan lekker ite?”

“Ik fyn it op sabbat altyd mar in saai boel. Ik ferfeel my op sabbat,” bromde Simon.

“Harkje,” sei heit, “ik haw ferhalen heard oer Jezus. Se geane oer de sabbat.”

Op in sabbat kuiere Jezus mei syn learlingen troch de nôtfjilden. De raaien swypken yn ‘e wyn.

Sa no en dan plukten de learlingen in pear ieren. Foarsichtich wreauwen se dy tusken de hannen oant de kerreltsjes skjin waarden. De flueskes blaasden se fuort en de kerreltsjes ieten se op. Dy smakken nei bôle. Wat wie de natuer dochs moai!

Foar Jezus en syn learlingen wie it in blide dei om it goede fan it libben te fieren. Hearlik om sa op sabbat byinoar te wêzen en ta rêst te kommen.

Mar it duorre net lang of se waarden oansprutsen troch in pear Fariseeërs. “Wêrom dogge jim dingen dy’t op sabbat net meie?”, fregen se.

De learlingen hellen de skouders op. Se fregen har ôf: wêrom soe dat net goed wêze? Wy dogge omers gjin dingen dy’t ús oan wurk tinken dogge?

Mar de Fariseeërs holden Jezus en syn learlingen yn ‘e gaten.

Opnij barde der wat bysûnders op in sabbat. Jezus wie yn 'e synagoge. Hy lies foar út de Torarollen en learde de minsken.

Tusken al dy minsken dêr yn 'e synagoge siet in man mei in ferskronfele rjochterhân. Hy koe de hân net brûke. Alle oandacht fan de man gie nei wat Jezus sei.

In bytsje fansiden stiene Fariseeërs. Se holden Jezus en dy man mei syn beheining goed yn 'e gaten. Se tochten by harsels: soe Jezus aanst noch wat oer dy ferskronfele hân sizze?

Ynienen sei Jezus tsjin de man mei de ferskronfele hân: "Kom mar yn 'e midden te stean!" De man kaam oerein en die wat Jezus sei.

"Ik ha in fraach", sei Jezus, "Meie wy op sabbat goede dingen dwaan? Ik bedoel: meie wy in minske rêde of moatte wy dy omkomme litte?"

Jezus seach nei de minsken dy't om Him hinne stiene. Nimmen doarde wat te sizzen.

"Stek jo sike hân mar út!", sei Jezus.

De man die wat Jezus frege... En de hân wie better!

De Fariseeërs wiene poerrazend. Se seine tsjin inoar:

"Dy Jezus moat sa gau mooglik oppakt wurde. Hy hâldt him net iens oan de sabbatswetten."

Nei ôfrin bepraten se mei-inoar wat se mei Jezus dwaan soene.

Heit seach nei Sara en Simon en frege: "Wat tinke jim? Wêrom koe Jezus it net iens wêze mei de Fariseeërs?"

"No dat is fansels," prúste Simon, "dy man wie ommers siik!"

Mem seach skean nei Sara en frege: "En wat tinksto Sara? Wêrom is de sabbat oars as oare dagen?"

Sara krige in kleur en sei: "Ik woe wol dat it alle dagen sabbat wie!"